

It Fryske tydskrift foar bern fan de boppebou

Tsjil

Us muzyk

IT WURK
FAN IN MUZYK-
TERAPEUT

Muzykbingo!

SJONG junior

Muzyk yn 'e loft



PAULUS
FOKERTSMA-
HERNE

WAT MOATTE
WY SÛNDER
MUZYK?!

Jildau libbet
foar aktearjen

5

Jiergong 29
maaie/juny 2026

- 3** **Kom fierder**
Dêr sit muzyk yn!
- 4** **Gedicht**
De âlde Friezen
- 5** **Sjoch my**
Jildau op 'e planken
- 6** **Tsjil nijs**
It tsjille nijs fan Tsjil
- 7** **SjONG junior**
Wat sizze de finalistien?
- 8** **No sa**
Wurkje as muzykterapeut
- 10** **Koart ferhaal**
Sûnder muzyk
- 12** **Tsjek dit**
Aardige weetsjes
- 14** **Net te leauwen**
De maaituorre
- 15** **Muzykbingo**
DJ start de muzyk!
- 16** **Der op út**
De hagedoarn
- 18** **Sydstrijtsje**
De Paulus Folkertsmaherne yn Aldeboarn
- 19** **Puzelside**
Puzels en mopkes
- 20** **Strip**
Bauke, Nynke en Bram



5



7



16

TAALPLAN FRYSK 2030

Tsjil is in tydskrift foar learlingen fan de boppebou fan 'e basisskoalle.

Haadredaksje:
Tjitske van Akker, Cedin
Einredaksje:
Tsjomme Dijkstra
Opmaak:
Dandez (Daniël Gerritsen)
Foto foarkant:
Fotobureau Hoge Noorden
Jacob van Essen

Redaksje-adres:
Cedin
Lavendelheide 21
9202 PD Drachten
088 0200 300
tsjil@cedin.nl
ISSN: 1389-348X

Cedin

Tsjil is fergees oan te freegjen fia www.taalplan.frl/oaanmelde. It tydskrift wurdt fiif kear yn it jier as klassepakket útgjûn. De digitale ferzy is te finen op www.cedinonderwijs.nl/tsjil

De redaksje fan Tsjil hat besocht om fêst te stellen wêr't byldmateriaal weikomt om de fereaske tastimming foar publikaasje te krijen. Elk dy't lykwols tinkt rjochten te hawwen, kin kontakt opnimme mei tsjil@cedin.nl.

Wy ynvestearje mei Taalplan Frysk yn de kwaliteit fan Frysk ûnderwiis op alle skoallen en alle ûnderwiisnivo's. Taalplan Frysk 2030 is in gearwurking fan Afûk, Cedin, Fers, Keunstwurk, NHL Stenden, Omrop Fryslân, Semko, SFBO en de provinsje Fryslân. www.taalplan.frl

Frysk, foar no en letter

Dêr sit muzyk yn!

Yn Fryslân hâlde wy wol fan in feestje, en by in feest heart fansels muzyk. Dat hawwe kening Willem Alexander en keninginne Maxima ek witten doe't sy op Keningsdei yn Dokkum wiene. Us keninginne fynt muzyk net allinnich moai mar se set har, as earefoarsitter fan stichting Méer muzyk in de klas, ek yn foar goed muzykûnderwiis op basisskoallen.



Dizze Tsjil giet oer muzyk, om't de finale fan SjONG junior foar de doar stiet. Op 12 juny is it safier yn de Lawei yn Drachten. Mar earst moasten der nûmers skreaun wurde en fansels moat der in soad oefene wurde. Kom yn 'e kunde mei in oantal finalistien op side 7. Steane jimme net yn de finale mar wolle jimme wol mei ferskes oan 'e gong? Sjoch op sjong.frl foar lesmateriaal.

Op de cover stiet dizze kear aktrise Jildau út Skearnegoutum. Se docht mei oan it Berne Iepenloftspul (BIS) en Kindermuziektheater en hat noch folle mear hobby's. Wolst dit jier nei de foarstelling *De Rottefanger fan Himmelum* fan it BIS? Bestel dan op tiid dyn kaarten, want foardatst it witst is it útferkocht.

Ik winksje dy wer in soad lêswille mei dizze Tsjil en ferjit net om mei te dwaan oan de muzykbingo en de puzelside!

Groetnis,
Tjitske



Poster

Hast in kear net sa'n goed sin, is it saai op skoalle of ferfeelst dy yn de fakânsje? Sykje in spegel en laitsje nei dysels. Dyn eigen laitsjen soarget derfoar dat er in stofke frijkomt yn dyn lichem dêr'tst bliid fan wurdst en wêrtroch'tst positiviteit útstrielest. Minsken om dy hinne sille dy earder benaderje en it hat in posityf effekt op dyn harsens. Laitsje is sûn, dus wat hâldt dy tsjin? Wês leaf foar dysels.

Op syk nei de sinne?
Sjoch ris yn de spegel



Tsjil

Cedin

Dizze kear net in gedicht mar it earste kûplet en it refrein fan it Frysk folksliet. Sjonge jim mei?

De âlde Friezen

Frysk bloed tsjoch op! Wol no ris brûze en siede,
en bûnzje troch ús ieren om!
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde,
It Fryske lân fol eare en rom.

Refrein:

Klink dan en daverje fier yn it rûn
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!
Klink dan en daverje fier yn it rûn
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!



Yn ús folksliet wurde wurden brûkt dy'tst net sa faak brûkst.
Dêrom hjirûnder in frije oersetting nei it Nederlânsk.

De oude Friezen

Fries bloed kom in beweging, ga nu eens bruisen en koken,
en bons door onze aderen!
Kom op! Wij bezingen het beste land van de aarde,
het Friese land vol eer en roem

Refrein:

Klink dan en daver trots in het rond
Jouw oude eer, o Friese grond!
Klink dan en daver trots in het rond
Jouw oude eer, o Friese grond!

Jildau op 'e planken



Jildau wennet yn Skearnegoutum en is 12 jier âld. Se sit yn groep 8 fan CBS Op 'e Hichte en docht neist skoalle fan alles, sa as toanielspylje, sjonge en dûnsje. Se fertelt ús oer de grutte foarstellings dêr't se no mei dwaande is.

Do dochst hiel folle. Wêr bist it drokst mei?

'Benammen mei it BerneIepenloftspul, wy sizze BIS. Op skoalle oefenje wy ek in protte foar de einmusical. Dat is wol maklik, want dat dogge wy gewoan op skoalle, dêr hoech ik thús net ekstra foar te oefenjen. By it KinderMuziekTheater oefenje wy ek foar in foarstelling, mar it BIS is folle grutter. Dêr geane wy ek echt nei in studio en der komme hiel folle minsken nei de foarstellingen.'

Hoe faak moastst optrede mei it BIS?

'Acht kear! Dat fyn ik wol spannend. Wy oefenje twa kear yn 'e wike. No binne wy dwaande mei de lietsjes, dy wurde straks opnommen yn in studio! Der is sels al in foarstelling útferkocht!'

Wat is it KinderMuziekTheater?

'In groep foar musical en toaniel. Wy dogge trije dingen: dûnsje, sjonge en aktearje. Meikoarten spylje wy ús foarstelling yn it Atrium yn Snits.'

Watfoar rol hast by it BIS?

'Wy spylje *De Rottefanger fan Himmelum* en ik spylje Jeannette. Dat is in hiel grappige frou. Se lit har man alles dwaan. Se wol net dat har dochter 'mama' seit, want dat fynt se te mainstream. It is in hiel aparte rol en dêrom sa leuk om te spyljen!'



Wat fynst it aldermoaist?

'Aktearje! Dêr wol ik letter ek wol mei trochgean. Mar miskien wol ik ek wol efkes neat dwaan en wenne oan myn nije skoalle.'

Nei hokker skoalle silst nei de simmer?

'Nei de RSG yn Snits. Dêr haw ik wol sin oan. Yn myn klasse sitte no hast allinnich mar jonges. Ik hoopje dat dat op de nije skoalle oars is.'

Hast ek noch oare hobby's?

'Ja! Ik spylje fioele, doch kreative dingen, ik mei graach hurdrinne, skeelerje en bin in soad bûten mei de hûn. Ik bin in soad tiid kwyt oan toaniel, dat fyn ik net slim. Soms boartsje oare bern bûten en dan tink ik soms: dat hie ek moai west. Mar as de foarstellingen foarby binne, ha ik wer in soad frije tiid!'




IT TSJILLE NIJS FAN TSJIL

Op de Tsjil-redaksje dûke wy de kommende tiid yn de wrâld fan muzyk, spanning en skiednis. SjONG junior stiet sintraal mei nije hits en wy nimme in blik efter de skermen yn in echte hitstudio. En... doarsto mei yn de tiidmasine nei kening Redbad?

Tsjil Tsjekt special; SjONG junior

It is wer tiid foar SjONG junior! It twa-jierlikse muzikale feest wêryn't acht skoallen in nije Fryske hit meitsje en stride om de eare yn de finaleshow. Yn fjouwer aardige lessen nimt Raynaud jimme mei op in ynteraktyf muzikaal aventoer en stelle Laura en Willem jimme foar oan de acht finalist fan dit jier. Wat is der nedich foar in ferske en in optreden? Dêr witte jimme nei it dwaan fan de lessen alles fan! De rige komt yn oanrin nei de finaleshow yn juny online.



SjONG junior - nij album!

SjONG junior smyt ek dit jier wer acht nije Fryske hits op. Fan 8 juny ôf kinst it nije album beharkje op Spotify! En sykje ek ris nei de lyric-fideo op it Tsjil YouTube-kanaal om lekker mei te sjongen. Wat is dyn favorite hit? Lit in reaksje achter ûnder de fideo!

Top secret: in spannende rige oer Redbad

Nei de SjONG junior special is it alwer hast tiid foar de simmerfakânsje. Dat is fansels wat om nei út te sjen, mar wy sjogge stikem ek al wer út nei it nije skoaljier. Want dan traapje wy ôf mei in hiele bysûndere rige oer it spannende ferhaal fan de Fryske kening Redbad. Dy kening libbe om it jier 700 hinne en soarge eartiids foar it grutste Fryske keninkryk yn de skiednis. Doare jimme mei Raynaud, Willem en Laura yn ús tiidmasine plak te nimmen en op reis te gean nei it aventoerlike Fryslân fan de eardere midsiuwen? Hâld nei de simmer Tsjil Tsjekt yn 'e gaten!



SjONG junior



De finale fan SjONG Junior stiet foar de doar! De ôfrûne wiken hawwe de acht finaleskoallen, mei Raynaud en oare muzykprofessionals, al drok dwaande west mei harren tariedingen foar de grutte finale op 12 juny yn de Lawei yn Drachten. Dêrneist hat SjONG Junior in nij jaske krigen en binne de ôfleveringen te sjen yn Tsjil Tsjekt. We geane yn elke ôflevering yn op in tema, sa as ritme & melody. Yn elke ôflevering fan Tsjil Tsjekt komme ek twa finaleskoallen nei foaren dy't fertelle oer harren tarieding foar dizze edysje fan SjONG Junior. In pear learlingen fan de finaleskoallen nimme jimme mei yn harren proses.



Dr. J. Botkeskoalle - Damwâld

Hoe binne jim op dit idee foar jimme nûmer kaam? Hoe giet sa'n proses?

Sem (links): 'Wy ha mei de klasse in opdracht dien mei Raynaud wêrby't we allegear ideeën oer it ûnderwerp fan ús ferske opskreaun hawwe. No sitte der by ús yn de klasse in soad bern op fuotbal en it komt faak foar dat âlders har ûnder de wedstriden bemuoie mei ús spul. In moaie ynspiraasje foar ús ferske!'



It Anker - Dronryp

Wat fynsto eins fan jimme nûmer?

Jesse: 'It is in moai nûmer. Alle ûnderwerpen dy't wy besprutsen hawwe mei Raynaud komme goed werom.' Anne-Marije (rjochts): 'It is echt typysk Dronryp. Alles wat hjir dien wurdt yn it doarp komt werom.' **Fine jim it spannend om yn de finale te stean?** Noralie (links): 'Ja, it liket my foaral spannend om't der safolle minsken om je hinne steane. Mar troch dy spanning wurdt it júst ek wer leuk.' Jesse (hielendal rjochts): 'Ast op it poadium stiest, fregest dy earst efkes ôf wêr'tst mei dwaande bist, mar dêrnei krijst wol it gefoel datst nea mear te stopjen bist.'



De Brêge - Skarsterbrêge

Jimme SjONG Junior groep bestiet al út groep 7 & 8, mar groep 6 docht ek mei jimme mei, wêrom hawwe jimme dêrfoar keazen?

Niek (links): 'No, ús groep 7/8 is net sa grut, en dan binne je net sa lûd op it poadium. Dus dan is it wol moai dat groep 6 derby komt. We brûke se as in soad koar, foar mear lûd op it poadium.'



Sint Radbodus - Dronryp

Wy sprutsen ek mei de âld-winners fan it Sint Radbodus yn Dronryp. Sy hawwe yn 2024 wûn mei it ferske 'Bûsjild'! Wat is no it geheim om SjONG Junior te winnen? Marinthe (rjochtsboppe): 'It is belangryk dat je in hiel soad oefenje mei de klasse. En teamwurk!' Mare (linksboppe): 'Wy ha de dûnskes goed oefene en in soad yn twatallen wurke.'

Muzyk om te hieljen, dielen en te libjen!

Wat is in feestje sûnder muzyk? Wat is it libben sûnder muzyk?

No krekt, neat oan! Troch muzyk kinne wy ús uterje, ússels sterker fiele, gûle, prate, laitsje, dûnsje. Troch muzyk kinne wy kontakt meitsje. Us ferbine mei oaren. Wy hawwe muzyk nedich yn ús libben. Wêrom soest dan net muzyk ynsette as terapy as it tsjin sit yn it libben? Krekt, no dat docht in muzykterapeut!



Wy hiene in petear mei Piet Koek. Piet wurket as muzykterapeut bij *Revalidatie Friesland*. Hy wurket mei minsken dy't in harsenbeskeadiging hawwe mar ek mei minsken dy't pine hawwe dêr't de dokters net fan witte wêr't dy weikomt. Muzyk foar my is: ûntlading, ûntspanning, in útlitklep, my goed fiele en ferbining mei oaren.

Wêrom bisto muzykterapeut wurden?

Ik hâld myn hiele libben al fan muzyk. Op jonge leeftiid song ik al en bespile ik in soad ynstruminten. Ek help ik graach minsken. Doe't ik in kear in muzykterapeut oan it wurk seach, ûntduts ik datst dy dingen ek

kombinearje kinst. Muzyk ynsette om minsken te helpen, krêft te jaan en te treasten. Hoe moai is dat!

Wat docht in muzykterapeut?

Muzykterapy is op in boartlike wize minsken helpe troch muzyk te brûken. Bygelyks asto dy net sa goed fielt of pine hast, asto in ûngelok meimakke hast of asto it dreech fynst om oer dyn problemen te praten. Soms binne dingen te fertrietlik om oer te praten, mar slagget it wol om muzyk te meitsjen of om der oer te sjongen.

Wêrfoar krije bern by dy terapy?

Taal/praten leare

De lytsere bern komme by my om taal te learen, klanken en wurden te meitsjen yn kombinaasje mei muzyk en beweging. Mar foaral wille is belangryk om kontakt mei-inoar te lizzen. Dat binne bern dy't de taal noch leare moatte of troch harsenletsel dy wer op 'e nij leare moatte. Ik doch dit faak mei oare kollega's, sa as in logopedist.

Gefoel

Oare bern dy't by my komme hawwe faak heftige dingen meimakke. In ûngelok, in slimme sykte, in tumor. Meastal meitsje ik dan in liet of in rap mei dy bern. Dan kinne se sjonge oer wat der bard is. Of se kinne muzyk meitsje oer hoe't se harren fiele. By muzyk komt gefoel. It kin brûkt wurde om te uterjen. Bygelyks omdat dat net slagget, it muoilik is of omdat praten lestich is. *Ast in hiel soad net (mear) kinst, kinst faak noch wol muzyk meitsje en sa wer in bytsje dysels wêze.*

Boadskip

Ek kinst in boadskip ynsjonge. Bygelyks: 'ik kin it allinne', 'ik bin net gek' of 'behandelje my normaal.' Dat kinst dan oan famylje en freonen hearre litte. Sa fan: 'dit wol ik fertelle' of 'dit fielt ik.'

Sterker wurde

Kinst muzyk ek brûke om sterker te wurden. Sa kinst in ferske meitsje mei: 'ik kin it wol!, ik kin it wol!' Ast bygelyks bang bist om te fallen asto it rinnen oefenje moast. Of omdatst bang bist foar de dokter of de toskedokter. Ast sjongst 'ik kin it wol!', kin dat helpe om sterker te wêzen en dyn eangsten te oerwinnen.

Bewege

Ek ritme kin helpe om bepaalde bewegingen, sa as rinnen, makliker te meitsjen. Asto stappe kinst op it ritme, slagget it rinnen faak better.

Hasto in foarbyld fan hoe't muzykterapy helpe kin?

Jawis, ik hie in kear in jonkje yn behandeling fan in jier as seis. Hy wie flechtling en koe it Hollânsk net goed prate. Hy hie in ûngemak hân. Hy koe hast net



prate en ek net rinne. Mar drumme koe er wol! Tegearre makken we in rap. Hy spile op de drums en ik makke tegearre mei him de tekst. In rap oer syn flecht nei Nederlân, syn ûngemak mar foaral oer syn dreamen. Hy woe proffuotballer wurde. Net allinne ûntdekt hy in nij talint (drummen), mar hy fûn ek in wize om te fertellen oer syn dreamen en winsken. It makke him sterker om troch te setten mei oefenjen en it makke him blider. Hy koe de rap oan elkenien hearre litte. 'Dit bin IK en dit binne MYN dreamen.'

Muzyk

En dreamen hawwe wy allegearre. Miskien dreamsto der no wol fan om muzykterapeut te wurden. Do wist no yn elts gefal wat in muzykterapeut dwaan kin. Al kin der eins noch folle folle mear.....

Setsto de muzyk yn?





Der is wat oars, tocht Wytske doe't se wekker waard. Ynienen fernaam se it: se hearde neat. Ik bin dochs net dôf?, tocht se, mar doe't se har tean stjitte, makke dat aardich wat lûd.

'Au!', rôp se.
It lei dus net oan har earen, mar wat wie it wol?
Earst Spotify mar ris probearje.

Neat! Hie-len-dal neat. Gjin muzyk, gjin lûd.

Gau gie se nei ûnderen.

'Hat mem it heard?'

'Ja,' sei mem, 'wat frjemd net? De fûgels sjonge net, se sitte te gapjen yn 'e beam.'

En sa wie it oeral. Alles wat muzyk meitsje koe wie stil, eangstich stil.

Op skoalle hie elts it der oer. Der is gjin muzyk mear! Middeis kaam it berjocht op de telefyzje: Muzyk hie de wrâld ferlitten, der wie nearne mear muzyk te hearren. De measte lannen makken har der net drok om. Mar yn Fryslân waard aksje ûndernommen. De Fryske muzykmakkers sieten dyselde dei noch by Omrop Fryslân. De Kast wie as earste yn de studio, mei De Hûnekop. Raynaud Ritsma wie der, Oele Plop kaam wat letter op 'e scooter oansetten, en sa kamen der hieltyd mear. Alle Fryske muzikanten sammelen har by Willem Wâldpyk.

Willem naam de lieding: 'Wy binne mar in lyts lantsje, mar wy litte ús de muzyk net ôfnimme!', spruts er. De oaren rôpen 'joechei!', want sjonge gie net mear.

Der waarden trije muzikanten oanwiisd om út te finen wêr't de muzyk bleaun wie; Rowan Veltman, Johannes Rypma en Elske DeWall.

Sy giene fuortdaliks op paad. Stikje by bytsje waard mear bekend. De muzyk woe net mear. Dy wie fuortgien nei in oare planeet.

'Bliksem', sei Rowan. 'Dit kin net. Hoe moatte wy dit oanpakke?'

'Dit moat mondiaal oppakt wurde,' sei Elske.

'Wol nee,' sei Johannes Rypma, 'dat kinne wy sels oprêde. Der moat gewoan ien nei dy planeet ta om de muzyk om te praten.'

By de Omrop stie de âlde raket fan Sibe Satelyt noch yn it hok, dy koe brûkt wurde foar de reis. Elske DeWall en Syb, fan De Kast, soene de reis meitsje. Raynaud soe de raket bestjoere, der wiene yn 'e romte dochs gjin fangrails. Frerik de Swetser woe ek mei, mar dêr wie gjin plak mear foar.

Nei twa dagen berikten se de planeet. 'Raak', sei Syb. 'Dit is him, ik hear it al.' Raynaud liet de raket sakje op de planeet Venus en it selskip stapte út.

'Efter de muzyk oan', sei Elske. Syb draafde al fuort. Raynaud stuitere efter him oan.

En dêr, yn in moai teäter, siet de muzyk. Fûgels songen, radio's spilen, der spile in band.

Mei in fûle blik stapte Syb derop ta.

'En no do as de soademiters nei de ierde, dit giet eltse grins foarby!', rôp er.

'Ho, ho', sei Elske, 'wy moatte dit foarsichtich oanpakke'.

Sy rûn op de muzyk ta en frege:

'Wolle jo asjeblyft wer werom komme? Wy kinne net sûnder muzyk.' Se hie de triennen yn 'e eagen.

De muzyk seach dy twa Friezen stean, glimke wat en struts de hân oer it hert.

'Dat kin miskien wol, mar dan moatte jimme my wat tasizze.' It selskip knikte fan: ja, ja, sis it mar...

'De minsken op de wrâld moatte mear mei-inoar dwaan, der moat mear oandacht wêze foar muzyk, foar de fûgels, foar de bisten. Der moat mear songen wurde en minder eamele. Want sa't it no giet, komt it op 'e kop ferkeard.'

'Wy bestjoere de wrâld fansels net...', sei Syb.

'Jawis, dat dogge wy wol!', rôp Raynaud.

'Mar wy sille ôfgrysluk ús bêst dwaan', ornearre Syb. 'Wy begjinne hjoed noch



mei mear muzyk te meitsjen yn Fryslân en dêrnei oer de hiele wrâld.'

De muzyk seach dat de mannen it mienden.

Se sei: 'Ik gean mei jim nei de ierde en dan set ik de muzyk wer oan.'

Syb foel op knibbels. 'Tankewol, tankewol muzyk', snokkere er.

'Ja, ja, it is wol goed', lake se.

Raynaud stjoerde de raket wer fakkundich nei de ierde.

Doe't se werom wiene yn Ljouwert, begûnen de fûgels te sjongen, wiene der lietsjes op de radio en eltsenien koe wer sjonge en spylje.

Stadichoan begûn de wrâld yn te sjen dat in libben sûnder muzyk net bestean kin. En ek net sûnder freonskip en goed foar inoar soargje.

Dy woansdei socht Wytske har favorite radiostjoerder op. *Heal the world* wie te hearren.

Bliid en lokkich gie se nei ûnderen, de ruten stiene iepen en de fûgels songen harren lietsjes.

'Tankewol muzyk', sei Wytske 'sûnder dy is der neat oan'.

Fragen nei it lêzen

1a. Hoe komt Wytske der achter dat der gjin muzyk mear is?

1b. Hoe reagearret sy derop?

2. De measte lannen makken har der net drok om. Mar yn Fryslân waard aksje ûndernommen.

a. Wa komme der yn Fryslân yn aksje om de muzyk werom te finen? Krús de goeie antwurden oan:

- Omrop Fryslân
- Ferskate Fryske artysten
- In groep bern

b. Hoe komme sy yn aksje om de muzyk werom te krijen? Bepreat mei in klasgenoat en skriuw yn dyn eigen wurden op.

c. De muzyk komt net sa mar werom nei de ierde. Wat wol de muzyk dat de wrâld docht sadat sy weromkomme kin? Understreekje dit yn it ferhaal.

3. In wrâld sûnder muzyk, dat soe wol hiel saai wêze! Yn dit ferhaal wurde ferskate Fryske artysten neamd. Hokker artyst(en) út dit ferhaal kensto? Hasto ek in favoryt ferske? Meitsje mei de klas in top 5 fan jimme favorite Fryske muzyk.

Hoe lang kinne minsken al skriuwe?

Wannear begûnen minsken echt te skriuwen? Men tinkt dat it Sumearysk it earste echte skrift is. Dat ûntstie sa'n 5400 jier lyn yn Mesopotamië. Dat is wat no Irak neamd wurdt. De âldste wize fan kommunisearjen bestie út it meitsjen fan rotstekeningen. De âldste tekening oait fûn is 67.000 jier âld. Tusken dizze rotstekeningen en it echte skriuwen sit in tuskenfoarm. Dat neame se protoskrift. It binne tekentsjes dêr't se no lang net altyd fan begripe wat se allegearre betsjutte. Koartlyn ha se yn grotten yn Súd-Dútslân tekentsjes op mammoettosken fûn dy't lykje op in soarte fan protoskrift. Dy binne 45.000 jier âld.



Wolf by it ferkearseksamen basisskoallebern

De measte basisskoallen yn Nederlân dogge mei oan it VVN-fytseksamen. Ek dit jier. Hiel gewoan. Mar foar guon bern yn Hengelo, provinsje Oerisel, wie it eksamen net gewoan. Op 24 maart rûn der in wolf op de fytseksamenrûte. Dat wie dochs wol even skrikken!



Hollânsktalige en Frysktalige muzyk

Geheime stjoerders en piratestjoerders binne der al lang. Se binne eins ylligal mar noch altyd binne se op de radio te hearren. Tsjintwurdich binne der ek minsken dy't gewoan útstjoere fia it ynternet. Ien dêrfan is Radio Koekoek út Surhústerfean. Kinst in appke stjoere om fersyknummers oan te freegjen foar bygelyks Fryske folkslieten, Nederlânske libbenslieten of Dútske polka's, oftewol piratemuzyk!



See-earn nêst by Earnewâld

Foar it tsiende jier hawwe see-earnen in nêst by Earnewâld. Ek dit jier kinst de fûgels op it nêst sjen mei in webcam fan It Fryske Gea. De fûgels hiene trije aaien, mar hoefolle jongen binne der dit jier? Folgje de see-earnen fia dizze QR-koade.



Iselmardyk dochs feilich neffens Wetterskip Fryslân

Wetterskip Fryslân is ferantwurdlik foar sa'n 180 kilometer Fryske dyk lâns Waadsee en Iselmar en dy op trije waadeilannen: Skylge, It Amelân en Skiermuontseach. Der wie twivel oer de sterkte fan de dyk tusken Starum en de Ofslútdyk. Dizze 30 kilometer dyk ha se op 'n nij besjoen en de konklúzje is dat se dy foarearst net hoege te fersterkjen. Yn 2035 wurdt dat wer besjoen.



Henk de Jong en Cambuur

Henk de Jong, haadtrainer fan Cambuur, wie o sa bliid. Syn klup SC Cambuur promovearre yn maart wer. Yn it nije fuotbalseizoen komt SC Cambuur wer út yn de earedivyzje. De Jong nimt no wol ôfskie as haadtrainer, mar by Cambuur binne se bliid dat De Jong wol bliuwt as assistint. De Jong wol graach mear tiid foar syn famylje ha.



Fryske transportskiednis

Bist gek fan frachtweinen en is transport dyn grutte hobby? Dan hat Reinder Meijer fan Snits in hiel moai fotoboek foar dy, mei de titel: *Fryske ferfierbedriuwen*. Foar sawat 50 euro hast 300 siden mei bysûndere foto's fan frachtweinen, transportbedriuwen en sjauffeurs út de jierren fan 1920 oant 1975. Sjoch op de websjop fan de Afûk of by de pleatslike boekwinkel. Sa'n boek is in moai kado foar dyn jierdei of letter dit jier mei sinteklaas.

Fryske ferfiersbedriuwen



Minsken mei hûnen

Hoelang binne der eins al minsken dy't in hûn as húsdier ha? Hûnen stamme ôf fan in gefaarlik wyld bist: de wolf. Troch tûzenen jierren libjen mei de minsk binne dy wolven feroare in hûnen. Mar wannear is dat begûn? Dat witte wy net, mar nije archeologyske fynsten bewize dat der sa'n 15.000 jier lyn minsken mei hûnen as húsdier wiene. Dat is 5000 jier earder as dat se tochten.



Maaituorren en ûndersteboppe kij

Soms sit der muzyk yn 'e loft. Fan ein april ôf kinst yn de jûnsstille in djippe brom hearre. Lykas in bromtop. Is dat in eng bist? Nee hear! It binne maaituorren dy'tst hearst, yn it Hollânsk bekend as de meikever.



Maaituorren binne frij grutte krobber, tusken de 2 en 3 sintimeter lang, mei in brún skyld en in wyt liif mei in swarte tekening. Se ha hiele moaie, oranje brune antennes. Dat ferklearret ek fuortendaliks harren famyljenamme. It binne 'bladsprietkevers', blêdsprytrobber yn it Frysk. De antennes einigje yn 'hantsjes', platte bledsjes dy't se ynklappe en útteare kinne.

De krobber binne ûngefaarlik, se ite benammen blêden, mar se hawwe oan 'e poatsjes wol nuvere heakjes. As se ien kear beet hawwe, litte se net samar los. Mar: jou se wat tiid en se rinne of fleane fansels fuort. Ast der ien op 'e grûn fynst mei de poatsjes omheech, kinst se helpe troch se in tûkje oan te bieden dêr't se har oan beetpakke kinne. Of je brûke, as je dapper genôch binne, in finger. Dy sille se grif beetpakke. Dat kribelet in bytsje, mar do helpst de maaituorre dêr hiel bot mei.. In lyts triuwke tsjin it efterliif en se sille nei in oar plakje rinne. Bied se in blêd oan en se sille dy tankber wêze.

De larven fan de maaituorre neame wy spekrûpen of spekmaitzen, 'engerlingen' yn it Nederlânsk. Dy bliuwe oant wol trije jier ûnder de grûn libjen. Dat ferklearret ek fuort wêrom't der 'maaituorrejierren' binne.

Yn in goed jier binne der in soad maaituorren en dus in soad larven dy't je trije jier net sjogge. En dan hast ynienen in maaituorrejier as de spekrûpen ferpophe en kevers wurde. Net elkenien is bliid mei spekrûpen. Se kinne somtiden hiele gersfjilden stikken meitsje trochdat se de woartels fan it gers opite. It binne eins 'ûndersteboppe kij'. Net te leauwen dochts?

Oan de oare kant: se foarmje wol in goed streksum (voedzaam) iten foar allerhanne oare bisten lykas fûgels. Elk neidiel hat in foardiel. Sa wurket dat no ienkear yn de natuer.

Gean yn maaie mar ris jûns bûtendoar stean om te genietsjen fan dizze ûngefaarlike bromtollen fan 'e loft!



Foar de kommende skoalwiken en simmerfakânsje hat Tsjil foar dy in muzikale bingo makke. Kinsto alle opdrachten útfiere?

Dj start de muzyk...



Praat yn in twatal oer jimme moaiste ferske of favorite artyst

Betink in dûnske, beweging of spultsje by in ferske

Sjong mei in groepke Vader Jacob yn kanon

Gean lekker los (dûnsje, springe..) op in pop- of rocknûmer

Sjong, of harkje nei, in Ingelsktalich ferske

MUSIC

Sykje muzyk út in bûtenlânske kultuer en meitsje dêr in tekening by

Kensto Het kuikentje piep noch? Besykje mei te sjongen!

Sjong, of harkje nei, in Frysktalich ferske

Besykje wat op in (foar dy ûnbekend) yntrumint te spyljen

Wat is it haadynstrumint yn Vivaldi syn The Four Seasons: Summer Op. 8, No. 2 III. Presto (diel 3)?



De hagedoarn

In beam fol geheimen!

It is hast simmer. De sinne skynt en oeral hearst fûgels sjongen. Ast goed om dy hinne sjochst, sjochst strûken en beammen fol wite blomkes. Grutte kâns datst nei in hagedoarn sjochst. De namme seit it eins al: hagedoarn/meidoorn. 'Mei' om't de beam faak yn maaie bloeit. En 'doarn' om't de tûken fol skerpe stikels sitte. Tink der mar om ast him oanrekkest!

Frysk:
hagedoarn
Nederlânsk:
meidoorn
Latynsk:
crataegus
oxycantha

De hagedoarn hat ek in Latynske namme: crataegus. Dat wurd komt út it Gryksk en betsjut sterk. En dat kloppet. It hout fan de hagedoarn is sa hurd, dat it eartiids hast net te hakken wie. Mar neffens âlde ferhalen moasten je dat ek hielendal net dwaan. Lang lyn libben de Kelten yn Europa. Sy leauden dat guon beammen magyske krêften hiene. De hagedoarn wie der ien fan. Se tochten dat der geasten of natuerkrêften yn wennen. Wa't in hagedoarn omhakte, koe neffens har ûngelok krije... of sels slimmer!

Ek de Griken en Romeinen fûnen de hagedoarn bysûnder. Dêrom stiene dy beammen gauris by hillige plakken.

Gelokkich is de hagedoarn net allinnich spannend, mar ek hiel nuttich. Eartiids hiene boeren noch gjin stikelried. Om de kij en skiep yn it lân te hâlden, plantsje se hagedoarnhagen. De skerpe toarnen wiene sa sterk dat rôfdieren der hast net trochhinne koene.

Foar fûgels is dat wis in perfekt plak. Foaral lysters meitsje der graach harren nêst. Tusken de toarnen sitte se feilich. En yn 'e hjerst ite se de reade beien fan 'e beam. Ek guon flinters binne sljocht op de hagedoarn, lykas de goudwjukflinter en de swellesturt. Wist dat de hagedoarn soms mear as 100 jier âld wurde kin? Guon âlde hagen steane der al sûnt de tiid fan ús oerpake en beppe!

Ast goed sjochst nei de blomkes, sjochst noch wat bysûnders: de hagedoarn heart by de roazefamylje. De lytse wite blomkes lykje wat op miny-roaskes. Rûk der mar ris oan! De hagedoarn waard eartiids ek brûkt as genêspant. Minsken makken der medisinen fan foar it hert en de bloeddruk. Guon minsken drinke noch hieltyd tee fan de blomkes om rêstiger te wurden.

En wist datst guon dielen fan de hagedoarn ek ite kinst? Yn de Twadde Wrâldoarloch ieten minsken soms de jonge bledsjes en knopkes fan de beam. Dy smeitsje wat nuttich. Kinst se yn in salade dwaan of op in stik bôle mei tsiis. Fan de blomkes kinst ek tee meitsje. En der is noch wat aardichs datst dwaan kinst.. fleurige iisblokjes derfan meitsje!

En set ek ris in tûke mei hagedoarnbloesem op tafel. Dat stiet net allinnich moai; neffens âlde ferhalen beskermet de hagedoarn it hert, it hûs en de tûn. Dus ast de oare kear by in hagedoarn lâns rinst... sjoch dan ris goed. Miskien ûntdektst wol dat dizze beam mear geheimen hat as datst tochtst.



Blomkes-iisblokjes meitsje

1. Sykje in pear troskes hagedoarnblommen.
2. Knip foarsichtich in pear blomkes los.
3. Folje in iisblokjesfoarm mei wetter.
4. Lis yn elk fakje ien of twa blomkes.
5. Set de foarm yn de friezer.

As de iisblokjes klear binne, kinst se yn ranja of wetter dwaan. It liket dan krekt as sweve der lytse blomkes yn dyn drankje! Dit kin fansels ek mei fruit, sa as beien of framboazen.



Sydstrjitsje

Yn Fryslân hawwe alle strjitten in namme. Faak neamd nei minsken út it ferline. In protte sizze ús net safolle mear. Dêrom fertelle wy alle kearen wat mear oer ien strjitte. Ditkear geane wy nei de Paulus Folkertsmaherne yn Aldeboarn.

De Paulus Folkertsmaherne



Paulus Folkertsma wie komponist. Hy waard yn 1901 berne yn Wommels. Seis jier letter ferhuze er nei Berltsum. Dêr krige er syn earste fioelelessen. Op 14-jierrige leeftyd bedarre Paulus yn Maastricht om te studearjen foar ûnderwizer. Dêr begûn er mei komponearjen, it skriuwen fan muzyk. Werom yn Fryslân waard er skoalmaster en stie hy 44 jier oan 'e iepenbiere legere skoalle yn Aldeboarn. Neist it lesjaan wie it komponearjen syn passy.

Hy hat mear as hûndert wurken makke. Oargelwurken, lieten, wurken foar symfony-orkesten, operettes en keamermuzyk. Hy sette lieten fan bekende Fryske dichters as Gysbert Japicx, Fedde Schurer en Douwe Tamminga op muzyk. Ek hat er in opera makke. Yn 1956 troude Paulus mei Helga Khek út Wenen. Hja krigen fjouwer bern. Hy ferstoar yn 1972.

Folkertsma wie in útsûnderlike komponist. De kwaliteit fan syn komposysjes, syn muzykstikken, is ferlykber mei Beethoven en Schubert. Mar Paulus wie beskieden en timmere net oan 'e wei. Syn komposysjes drigen nei syn ferstjerren te ferdwinen. Gelokkich kaam der yn de jierren 90 wer belangstelling foar syn wurk. Der wie op lanlike tillefyzje en yn Fryslân wer oandacht foar. De hânskreaune partitueren leine ferspraat oer de hiele provinsje.

In stichting soarge derfoar dat it wurk sintraal opslein en tagonklik waard.



Ek hjoed-de-dei is goed te hearren hoe moai syn wurk is. Wolst it ris hearre? Der steane opnames op YouTube. Syn styl wie romantysk. Musikologen sizze dat der yn 300 jier net in komponist yn Fryslân west hat dy't sok knap wurk skreaun hat.

Foar skoalbern hat er ien grappich liet skreaun: *It muzyk giet troch de buorren*. Jimme pake en beppe kenne dat fêst wol. Ek hat er in berneboek, Jan de spulweinjonge, skreaun.

Muzyk wie syn passy, mar syn hobby wie fjoerwurk meitsje. Hy die dat benammen om âld en nij hinne. Syn soan Johannes kin dêr byldzjend oer fertelle en hat it fan him leard. Ek de muzikaliteit hat er fan syn heit meikrigen.

Ast ea yn Aldeboarn komst: dêr stiet sûnt 2024 in stânbyld fan dizze bysûndere, beskieden man dy't sokke prachtige komposysjes makke hat.



PAULUS FOLKERTSMA
1901 - 1972
Frysk komponist

Puzelside

Trochstreekpuzel

Dizze puzel stiet fol mei wurden dy't mei muzyk te krijen hawwe. Streekje de wurden út de list troch. De letters dy't oerbliuwe foarmje in wurd. Skriuw dit wurd yn in e-mail en stjoer dy foar de simmerfakânsje nei tsjil@cedin.nl Skriuw dúdlik dyn namme, groep en skoalle yn it e-mailtsje.

T	A	P	O	P	H	P	H	A	R	M	O	N	Y
O	R	K	E	S	T	I	E	M	E	L	O	D	Y
F	I	O	E	L	E	R	P	R	R	I	T	M	E
D	R	U	M	S	T	E	L	H	K	L	A	N	K
R	O	C	K	P	T	A	M	B	O	U	R	Y	N
R	A	T	S	E	E	B	K	N	A	P	S	S	Z
K	A	R	A	R	Y	T	A	L	R	J	F	J	S
L	K	O	K	E	E	B	B	N	A	M	E	O	E
A	O	M	S	F	I	N	O	L	D	S	R	N	L
R	E	B	O	R	G	I	T	A	A	R	S	G	L
I	S	O	F	E	W	I	Z	E	R	Z	K	Y	O
N	T	A	O	I	M	U	Z	Y	K	D	E	T	K
E	Y	N	A	N	K	S	Y	L	O	F	O	A	N
T	K	E	N	Y	N	S	T	R	U	M	I	N	T

- | | | |
|----------|-----------|--------------|
| AKOESTYK | KLASSYK | SAKSOFOAN |
| BAND | KOAR | SELLO |
| DRUMSTEL | KSYLOFOAN | SJONG |
| FERSKE | MELODY | TAMBOURYN |
| FIOELE | MUZYK | TROMBOANE |
| GITAAR | ORKEST | TROMPETBLAZE |
| HARMONY | PERKUSJE | WIZE |
| HIPHOP | POP | YNSTRUMINT |
| KEYBOARD | REFREIN | |
| KLANK | RITME | |
| KLARINET | ROCK | |

Antwurd:

De priiswinner fan de lêste puzel is Nynke Dusselaar fan de Dúnwizer út Bakkefean. De oplossing fan de trochstreekpuzel wie: **hofhâlding**

PS: Wa't de foarige trochstreekpuzel makke hat hie yn 'e gaten dat der trije wurden misten. Dat is eefkes misgjen. Gelokkich koene de measte skoallen dochs ta in oplossing komme.



Mopkes

Obe komt nei muzykles gûlend thús en syn mem freget wat der is, wêrop't Obe antwurdet: 'ik ben fan de toanljeder fallen'.

In man mei allinnich in gitaar by him stiet op it fleanfjild om yn te tsjekken.

Freget de fleantúchmaatskippijmei-wurker: 'Gjin koffers?'. 'Nee, wy spylje allinnich eigen nûmers!'

Noflike simmerfakânsje



Sudoku

			1	8	6		4
		7	6		9		2
4		5	9	3			8
1	4		3	6	9		7
7		6		5	1		2
5	9		8		7		4
	3	4			6	2	
6	7		2		3	4	9
	5			9	4		3

BAUKE NYNKE EN BRAM

